Provinsje Fryslân

Gemeente Opsterland
Ontvangstdatum
28 SEP 2026

Gemeente Opsterlân
Oan de gemeenteried
Postbus 10.000
9244 ZP BEETSTERSWEACH

Ljouwert, 21 septimber 2026
Ferstjoerd, 22 SEP. 2026

Ús merkteken : 02558470
Ôfd./Opjefte : Kwaliteit Iepenbier Bestjoer
Opsteld troch [redacted]@fryslan.frl
Jo merkteken : -
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : Jierrekken 2025

Achte ried,

Mei dit brief wolle wy jimme ynformearje dat wy op 15 july 2026 jimme jierrekken oer it jier 2025 op 'e tiid krige hawwe en dat wy dy jierrekken, dy't troch jimme op 30 juny 2026 fêststeld is, foar kundskip oannommen hawwe.

Jierrekkenresultaat 2025
Jimme jierrekken 2025 slút mei in foardielich resultaat fan € 4,2 miljoen. Wy sjogge dat hast alle gemeenten yn de provinsje Fryslân in foardielich jierrekkenresultaat oer 2025 hawwe.

Ut ús analyze docht bliken dat in soad gemeenten, krekt as foargeande jierren, ynsidintele tafallers hiene. De meast foarkommende foardielen wiene:
- Algemiene útkearing gemeentefûns, omdat gemeenten fia de sirkulêres yn 2025 noch middels fan it Ryk barden dy't yn 2025 net mear útjûn wurde koene.
- Underbesteging fan kapitaallêsten om't gemeenten net alle yn 2025 plande ynvestearrings realisearje koene.
- Positive resultaten troch de grûneksploitaasje.


Dizze oarsaken binne ferlykber mei de ferklearrings by de jierrekkens fan de ôfrûne jierren.

Njonken foardielen wiene der fansels ek neidielen. It meast opfallende, ynsidintele neidiel wie de oanfolling fan de foarsjenning 'wethouderspensioenen' By de measte gemeenten wie dy oanfolling needsaaklik as gefolch fan in útspraak fan de kommisje BBV.

Bezoekadres: Tweebaksmarkt 52 8911 KZ Leeuwarden
Postadres: Postbus 20120 8900 HM Leeuwarden
Telefoon: 058 - 292 59 25
E-mail: provincie@fryslan.frl
K.v.K. nummer: 01178978
BTW nummer: NL001032823B02
IBAN: NL86 RABO 0141 2384 61
BIC: RABONL2U
fryslan.frl

Dêrfoaroer sjogge wy by meardere gemeenten dat de kosten foar de Jeugdsoarch noch hieltyd fierder omheech geane. In tal gemeenten hat dy ekstra lêst al yn 'e rin fan it jier rûsd, mar der binne ek gemeenten dy't dat neidiel noch by de jierrekken nimme moatte.

Ûntwikkeling rekkenresultaten Fryske gemeenten




Ûntwikkeling finansjele kengetallen

Alle gemeenten rapportearje yn harren jierrekken en begrutting oer seis finansjele kengetallen. Dy hawwe in sinjalearjende funksje en jouwe in yndikaasje fan de finansjele posysje fan de gemeente. De trije wichtichste kengetallen binne de nette skuldkwoot, de solvabiliteit en de belestingkapasiteit. Yn de tabel hjirnei sjogge jimme hoe't dy kengetallen harren ûntwikkele hawwe, ferlike mei de stân yn de jierrekken 2021.


Netto skuldkwoot

De netto skuldkwoot jout koart sein wer yn hoefier't de gemeente syn skulden (rinte en ôflossing) betelje kin. Ut ûndersteande grafyk docht bliken dat jimme gemeente in tige lege skuldkwoot hat. Dat betsjut in relative lege skuldedruk (fia rintelêsten) op jimme gemeentlike eksploitaasje, wat jimme begrutting fleksibeler makket.




Solvabiliteit

De solvabiliteit jout oan yn hoefier't de gemeente buffers hat om ôffallers mei op te fangen. Ut ûndersteande grafyk docht bliken dat de solvabiliteit fan jimme gemeente boppe de sinjaalwearde sit. Op basis dêrfan kin konkludearre wurde dat jimme gemeente foldwaande reserves hat om ôffallers op te fangen.



Belestingkapasiteit

De belestingkapasiteit jout de hichte wer fan de wenlêsten ferlike mei it lanlik gemiddelde (100%). Ek jout dat kengetal in yndikaasje fan yn hoefier't nij belied of finansjele ôffallers út in ferheging fan de wenlêsten dutsen wurde kinne. Jimme gemeente hat rom legere wenlêsten as it lanlik gemiddelde.



Ta beslút
Wy hoopje dat dit brief oangeande jimme jierrekken 2025 jimme ek wat mear ynformaasje bean hat oer de ûntwikkeling fan de finansjele posysje fan jimme gemeente.

Foar fragen oer dit brief kinne jimme kontakt opnimme mei jimme finansjeel tafersjochhâlder.

Út namme fan it kolleezje fan Deputearre Steaten,

[redacted]